

UT DE

SMIDTE

- 57ste jiergong
- nûmer 2
- winter 2023

- FA-ria 02
- Utjeften 06
- Personalia 10
- Aginda 13
- Projekten 14
- Wurkferbannen 18
- Weromsjen 19



Fan de (waarnimmend) direkteur-bestjoerder

Mei it ferskinen fan ús *Undersyksaginda*, sawol yn print as digitaal, waard der in tige yntinsive perioade ôfsletten foar de programmakoördinatoaren en oare meiwurkers dy't harren der ôfgrysliek foar ynset hawwe om dit foar inoar te krijen. Alle oanwêzigen krigen op de Dies Natalis fan de Fryske Akademy in eksimplaar mei nei hûs. Programmakoördinator dr. Simon Halink joech dy middeis fan de 8^{ste} septimber in taljochting op de ûndersyksaginda. By dit nûmer krije jo de Fryske ferzje fan de ûndersyksaginda tastjoerd. De aginda is ek op ús website (www.fryske-akademy.nl/undersyk/) del te laden en dêr ek beskikber yn it Nederlânsk en Ingelsk.

Net lang nei septimber waard de website www.frisistyk.frl lansjearre by in feestlike gearkomste yn Neushoorn. frisistyk.frl biedt in online platfoarm foar Fryske taal- en letterkunde. Op side 22 lêze jo der mear oer.

Direkteur-bestjoerder dr. Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm waard fan 't hjerst frege om mei te dwaan oan in Rûnetafelpetear yn de Twadde Keamer yn De Haach. Mei in hiele delegaasje út Fryslan waard de Fryske kasus ûnder de oandacht brocht. Ferskate gremia krigen sprek-tiid om omtinken te freegjen foar harren 'core business'. In drok skoftsje tiid dêr't yngeande tarieding foar nedich wie. It wie ek in perioade dêr't ús direkteur-bestjoerder har ek klear makke om tydlik har taken del te lizzen fanwege har kreamferlof. Oant dat hja – as alles meiwierret – ein jannewaris har wurk werk opkrije sil, nimt MT-lid/Koördinator Undersyksfinansiering en Strategyske Gearwurking, Marit Bijlsma, de direkteur-bestjoerderssaken waar, dêrby stipe troch har kollega MT-lid/Haad Finansjele Administraasje: Joop Petter.



Direksje en meiwurkers fan de Fryske Akademy winskje elkenien noflike hjeldagen, in goed útein en folle lok en seine yn 2024!

Fan de (waarnimmend) direkteur-bestjoerder	01
Mear as tûzen digitale nijsbriefflêzers	02
85 jier Fryske Akademy	02
Rûnetafelpetear Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer	03
Selsevaluaasje en ôfslutende fisitaasje	03
Undersyksaginda 2023-2027	04
itwiturd oprop	04
Skripsjepriis 2022-2024: win tûzen euro mei dyn skripsje	05
Histoarysk taalkundige Alex Kerkhof leveret bydrage oan útstalling RMO	06
Genealogysk Jierboek 2023	06
Diel 103: Jierboek <i>De Vrije Fries</i>	07
Nij Regionaal Dossier: 'The Italian language in education in Slovenia'	07
Promoasje: Aldfrysk en geleard rjocht yn 15 ^{de} iuwsk Fryslân	08
Undersyksresultaten 'Nije sprekkers fan it Frysk'	09
Cor van der Meer mei pensjoen	10
Meiwurkers	12
Friezen in de admiraliteiten van de Republiek in de Vroeg-Moderne Tijd	13
Fjouwer nije leden foar Fryske Akademy	13
WikiWomen: "Tige ynspirearjend"	14
Resultaten COLING-projekt yn Area Grecanica (IT)	15
Boppeslaggen foar it Frysk fan Sealterlân	16
Nij Europeesk projekt: Read with MEE!	16
Frysk-Ingelsk op 'e telefoon	17
Begelieding ûndersyk Wapens en wapenrissing yn Frisia	17
Twa nije herauten Fryske Rie foar Heraldyk	18
Stipe foar rymjende Fryskskriuwers	19
12 ^{de} Dei fan de Fryske taalkunde Lêzing oer Mooglike genderneutrale foarnamwurden yn it Frysk	20
OWL+ ûnderwiismodulen foar bedrige talen	21
Aginda	24

Mear as tûzen digitale nijsbriefflêzers

Ofrûne maitiid is de Fryske Akademy út ein setten mei in fergese digitale nijsbrief. Op dy wize kinne wy leden, stipers en oare belangstellenden geregeldwei op de hichte hâlde fan it riden en farren fan de Fryske Akademy. Oant no komme der alle wiken wer nije lêzers by. Okkerwyks hiene we de tûzenste oanmelding!

Mercator Network

Njonken de algemiene nijsbrief fan de Fryske Akademy is der ek in nijsbrief fan it Mercator Network. Lêzers dêr fan bliuwe op de hichte fan de aktiviteiten fan de kennisynstituten fan it Europeesk Mercator Network en tagelyk krije se it lêste nijs oer edukaasje en beliedsferoaringsen oangeande minderheidstalen yn Europa. □

Oanmelde

→ Wolle jo no ek dy algemiene en/of de Mercator nijsbrief lêze? Gean dan nei ús website om jo oan te melden: → www.fryske-akademy.nl > Nijs en aginda > Nijsbrieven.



85 jier Fryske Akademy

De skiednis fan de Fryske Akademy is in ferhaal fan belutsenens en nijsgjirrigens, fan trochsettingsfermogen en fearkrêft, mar ek fan ynstitúsjeonele hege bergen en djippe dellings. En dochs: wat nettsjinsteande alle feroarings al 85 jier de Fryske Akademy makket, binne de minsken mei in (profesjonele) passy foar de Fryske kasus, en it grutte maatskiplik draachflak foar ús wurk.

Op ús website fine jo in koart oersjoch fan 85 jier Fryske Akademy. Mei de klam op koart. Want der is safolle mear te fertellen en sjen te litten. Dêrom kinne jo dêr ek in list fine mei ferwizings nei nijsgjirrige publikaasjes, artikelen, boeken en filmkes oer de Fryske Akademy. □



→ www.fryske-akademy.nl/85/



Rûnetafelpetear Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer

Yn de Twadde Keamer waard op tongersdeitemiddei 12 oktober in rûnetafelpetear holden oangeande de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK). Dielnimmers wiene ferstjintwurdigers fan ferskate organisaasjes en bestjoeren.

De tema's dy't oan de oarder kamen wiene ûnderferdielt yn fjouwer blokken: Blok 1: Kultuer, Wittenskip en Media, Blok 2: Rjochtspraak, Blok 3: Underwiis en Blok 4: Bestjoer. Akademy-direkteur dr. Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm kaam yn it earste blok oan it wurd.

Soarchdrage foar goed klimaat

De romte foar needsaaklik fûneminteele ûndersyk stiet onder druk, sa joech Ijssennagger-van der Pluijm oan. De BFTK soe dan ek de ambysje ferankerje moatte dat it Ryk yn 'e mande mei de Provinsje soarchdraacht foar in goed klimaat, dêr't de akademyske Frisistyk yn bedije kin. De bestjoersôfspraak soe útdrage moatte dat we dizze frisistyk - fan ûndersyk oant ûnderwiis, fan fûneminteele oant tapast - hurd nedich hawwe foar in fitale Fryske taal en kultuer, en sa ynstean foar de erkenning en it befoarderjen fan frisistyk as nasjonaal wichtige wittenskip. Dêrfoar is der in sterkere stukturele foarsjenning nedich.

It heechste nivo

By Blok 3: Underwiis, kaam taalkundige dr. Anne Merkuur oan it wurd. Merkuur is mei út namme fan de Fryske Akademy ferbûn oan de learstoel Frysk fan de Rijksuniversiteit Groningen. Hja is fan betinken dat it nedich is dat der spesjalisten op it mêd fan de Fryske taal en kultuer oant op it heechste nivo oplaad wurde moatte, sadat it fakgebiet him ûntjaan bliuwe kin.

Se bepleitet dan ek dat de finansiering fan de learstoel stabiler wurde moat en dat de beheining foar it folgjen fan in twadde stúdzje fuortnommen wurde.

De Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028 is neffens de ferwachting ein fan dit jier klear. □



Selsevaluaasje en ôfslutende fisitaasje

De kommende tiid is de Fryske Akademy dwaande mei in perioade fan selsevaluaasje, dy't ôfsletten wurde sil mei in fisitaasje troch in eksterne kommisje, begjin juny takom jier. Dit is in perioadyk trajekt oan de hân fan in troch de VSNU, KNAW en NWO fêstlein protokol, it saneamde SEP (Strategy Evaluation Protocol).

Mei ynset fan sawol in ynterne as in eksterne kommisje sil de Ried fan Tafersjoch mei help fan it Management Team en in ekstern buro, de perioade dy't efter ús leit hifkje op de kwaliteit, maatskiplike relevânsje en de libbensfetberens fan de Fryske Akademy. De selsstelde doelen en strategy fan de ûndersyksienheid binnen de Fryske Akademy binne hjirby liedend. Aspekten dêr't neffens it protokol yn it bysûnder

nei sjoen wurdt binne 'Open Science', belied oangeande promovendy en harren oplieding, de akademyske kultuer as it giet om iepenens, feiligens, ynklusiviteit en wittenskiplike yntegriteit en ek it talintbelied en de diversiteit (gender, leeftyd, etnisiteit en kulturele eftergrûn).

Utkomsten

It SEP is in fleksibel ynstrumint en is bedoeld om krekt as organisaasje wer in soad te learen. Op it momint dat jo dit lêze, binne wy al drok dwaande mei it sammeljen fan de wichtige ynformaasje om ús klear te meitsjen op de selsevaluaasje en fisitaasje. Meiertiid litte wy jo fansels witte wat de útkomsten binne. □

Undersyksaginda 2023-2027

Programmakoördinatoaren dr. Jelske Dijkstra en dr. Simon Halink hawwe yn 'e mande mei de Akademy-mienskip de *Undersyksaginda 2023-2027* stal jûn.

Oant en mei 2027 foarmje trije (oerlaapjende) kennisgebieten de basis fan it ûndersyk dat op de Fryske Akademy dien wurdt: Skiednis en erfgoed, De minske en syn omjouwing en Taal en meartaligen.

Tema's

Yn de trije kennisgebieten binne sân kearnspesifike en ynterdissiplinêre ûndersykstema's werom te finen.

De tema's reitsje sterk oan inoar en foar in part oerlaapje se inoar ek.

De tema's binne:

- Rjocht en frijheid yn de Fryske lannen
- Erfgoed yn de Fryske lannen
- De dynamyske relaasje mei it lân en it wetter troch de iuwen hinne
- Kultuer en identiteit
- De meartalige mienskip
- Taalfariaasje en -feroaring
- Taaldeskripsje en standerdisearring



KNAW-presidint prof. Marileen Dogterom krige de 'Onderzoeksaginda 2023-2027' taskikt út hannen fan direkteur-bestjoerder dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm.

Fnr: programmakoördinator dr. Simon Halink, prof. Marileen Dogterom, dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm, Selma Hinderdael (bestjoers- en direksjesekretaris KNAW) en Marit Bijlsma MA (koördinator ûndersyksfinansiering en strategyske gearwurking).



- By dit nûmer fan *Ut de Smidte* ûntfangt elk de *Undersyksaginda 2023-2027*. De *Undersyksaginda 2023-2027* is ek op ús website te finen:
- www.fryske-akademy.nl > **Undersyk** > **Undersyksaginda 2023-2027**.
- Dêr binne ek in Nederlânsk-talige en in Ingelske ferzje del te laden.



...itwitwurd

: oprop

Wa 't de Fryske Akademy op de sosjale media folget, krijt sûnt maart alle twadde woansdeis fan de moanne in Itwitwurd te sjen. In Itwitwurd is in nijsgjirrich wurd of ferskynsel yn de Fryske taal, dêr't ien fan ús taalkundigen koart wat mear oer fertelt.

De ôfrûne moannen hawwe der al ferskate wurden op it aljemint west. In lytse greep: blijven/bliuwe, daaie, fûgelnammen, ljuensk, ribsijin en swiid. De ôfleverings dy't

west hawwe steane ek op de website www.frisistyk.frl. Se kinne dan fûn wurde troch op de kategory 'It wit wurd' te sykjen.

Wurden opstjoere

No binne ús taalkundigen wol benijd hokker wurden

- Dêrom hjirby de **oprof**: stjoer in berjochtsje mei jo 'wurd' mei fêrmelding fan 'Itwitwurd' nei
- **kommunikaasje@fryske-akademy.nl** en wa wit wurdt dat yn ien fan de folgjende ôfleverings behannele.

of ferskynsels yn it Frysk jo moai of nijsgjirrich fine en dêr't jo wol wat mear fan witte wolle soene.

Skripsjepriis 2022-2024: win tûzen euro mei dyn skripsje

Op de Akademydei fan 2024, freed 13 septimber, sil de twajierlikse Skripsjepriis wer útrikt wurde. Dizze priis is foar de bêste skripsje op it mêd fan de Fryske taal en kultuer.

Foar de winner is der in priis fan € 1000,- beskikber. Om meidwaan te kinnen, binne der in tal betingsten:

- It ûnderwerp fan 'e skripsje moat lizze op it mêd fan 'e Fryske taal en kultuer, lykas Fryske taal- en letterkunde, skiednis of sosjale wittenskippen.
- De skripsje moat skreaun wêze (en goedkard troch de oplieding) nei 1 juny 2022 en foar 1 juny 2024.
- Allinnich WU-Masterskripsjes kinne yn 'e beneaming komme foar de Skripsjepriis.

- Skripsjes dy't oan de betingsten foldogge, kinne oant 1 juny 2024 ynstjoerd wurde. De sjuery krijt graach ien papieren eksimplaar en in digitaal eksimplaar (pdf-dokumint). It **papieren** eksimplaar kin stjoerd wurde nei: Fryske Akademy, Skripsjepriis, Postbus 54, 8900 AB Ljouwert
- It **digitaal** eksimplaar kin maild wurde nei: skripsjepriis@fryske-akademy.nl.



In wittenskiplike sjuery, gearstald út Akademyfermidden, sil de skripsjes beoardielje. Oer de útslach wurdt net korrespondearre en it ynstjoerde eksimplaar fan 'e skripsje wurdt net retoernearre.

Fryske tema's

De Skripsjepriis waard ynsteld by it fyftichjierrich bestean fan 'e Fryske Akademy yn 1988, mei as doel om studinten dy't wittenskiplik ûnderwiis folge in oantrún te jaan har ûndersyk op Fryske tema's te rjochtsjen. De priis is in som fan 1000 (tûzen) euro.

Besjoch ek ris ús thússide

www.fryske-akademy.nl



Histoarysk taalkundige Alex Kerkhof leveret bydrage oan útstalling RMO

Histoarysk taalkundige dr. Alex Kerkhof levere in bydrage oan it talige part fan de útstalling 'Het jaar 1000' dy't op dit stuit yn it RMO (RijksMuseum voor Oudheden) te Leien te sjen is. De útstalling giet oer Nederlân yn it midden fan de midsiuwen.

Yn de midsiuwen waarden trije talen sprutsen: Aldfrysk by de kust del, Aldnederlânsk yn it rivieregebiet, Brabân en de Maasstreek en Aldsaksysk oan de Eastkant fan de Isel. Fan it jier 1000 ôf waard it Aldnederlânsk dominant. "De kustbefolking mingde it Aldfrysk mei de Aldnederlânske útdrukkings fan migranten út de rivierestreek dy't kamen



om it fean te ûntginnen", sa wit Alex Kerkhof. Yn in filmke dat te sjen is it yn it museum, lit Kerkhof hearre hoe't dy talen doe klonken. Troch it bestudearjen fan rymwurden yn midsiuwske gedichten is bekend hoe't it Aldnederlânsk klonken hawwe moat. "Dêrneist kin der sjoen wurde nei histoaryske wetmjittichheden dêr't klanken fan in taal troch de iuwen hinne troch feroare binne; dy kinne ferlike wurde mei sokke ferskynsels yn besibbe talen", neffens Alex Kerkhof.

Feroarings

It midden fan de midsiuwen wie foar Nederlân in tiid

fan yngripende feroarings yn lânskip, befolking, bebouwing, taal en kultuer. Der ûntstie in 'Nederlân' dat ek no noch werkenber is, mei diken om oanmakke lân hinne, stinzen nei eltse rivierbocht en tsjerketuorren oant de hoarizon.

Utstalling

Wa't benijd is nei it libben en de talen yn it midden fan de midsiuwen, kin noch oant en mei snein 17 maart 2024 terjochte yn it RMO te Leien foar de útstalling 'Het jaar 1000'. □

→ www.rmo.nl

Diel 103: Jierboek *De Vrije Fries*

Yn desimber ferskynt lykas wenst it wittenskiplik jierboek *De Vrije Fries*, in mandeproduksje fan it Keninklik Frysk Genoatskip en de Fryske Akademy. Diskear is it it 103^{de} diel.

It temakatern, dit jier redigearre troch Akademy-ûndersiker Simon Halink, stiet yn it teken fan twatûzen jier Friezen en harren lânskip. It is perfoarst gjin tafal dat de redaksje krekt it jier 2023 keazen hat foar dit tema. Net allinne stie dit jier de hiele Waadkust fan de provinsjes Noard-Hollân, Fryslân en Grinslân yn de skynwerpers as gastregio fan de Lânskipstriënnale, we stiene ek stil by it feit dat de Romeinske auteur, natuerfoarser en filosoof Gaius Plinius Secundus, better bekend as Plinius de Aldere, dit jier twatûzen jier lyn berne waard. Plinius skreau om it begjin fan ús jiertelling hinne ien fan de âldste tsjûgeferslaggen oer it libben op de terpen yn ús kontreien.

Sieperda Symposium

De measte auteurs dy 't bydragen skreaune foar dit temakatern hawwe harren ûnderwerp yn koart bestek ek presintearre op it goed besochte KFG-Sieperda-symposium dat it Keninklik Frysk Genoatskip, de Fryske Akademy en Tresoar



yn april fan dit jier - ta gelegenheid fan de twatûzenste jierdei fan Plinius - organisearren.

Tema's dy 't oan bar komme binne ûnder oare de ynterpretaasjeskiednis fan Plinius' beskriuwing, lânskipsmetafoaren yn Aldfryske wetteksten, ûntginnings

de midsiuwen en letter, de Romantyske byldfoarming fan it Waadgebiet en de ekokrityske wearde fan it dichtwurk fan Obe Postma. Fan de Fryske Akademy út hawwe Hans Mol, Gilles de Langen, Han Nijdam, Mark Raat en Simon Halink bydragen levere oan dit jierboek. □

→ Halink, Simon e.o (red.), *De Vrije Fries*, 2023, diel 103, Akademynûmer 1141, ISBN 978-90-6171-029-5. Keninklik Frysk Genoatskip/Fryske Akademy, Ljouwert. Priis: n.n.b.

Genealogysk Jierboek 2023

It Genealogysk Jierboek wurdt sûnt 1951 útjûn troch de Fryske Akademy en stiet ûnder redaksje fan leden fan it Genealogysk Wurkferbân. It jierboek befettet genealogyske bydragen, lykas kertiersteaten, parentelen en oare rekonstruksjes fan famyljerelaasjes út earder tiden, en in oersjoch fan wapenregistraasjes troch de Fryske Rie foar Heraldyk.

Op sneon 9 maart 2024 wurdt yn Tresoar it *Genealogysk Jierboek 2023* presintearre. De redaksje bestiet út Ype Brouwers, Harmen Foekema, Jelle de Jong, Anne Hielke Lemstra en Pieter Nieuwland en heraldysk meiwurker Rudolf J. Broersma. Yn it nije jierboek steane artikelen fan Rob Boom


('Genealogie Van der Schelling / Schellinger'), Tineke Hartman, Bouwe van der Meulen en Martha Kist ('Liepke Fockes, Antje Lubberts en hun drie dochters'), Nico van der Woude ('De Friese komaf van Multatuli') en de Fryske Rie foar Heraldyk ('Wapenregistraasje'). □

fryske akademy

Genealogysk
Jierboek

2021
2020
2019

→ www.fryske-akademy.nl/genjierboek/




Nij Regionaal Dossier: 'The Italian language in education in Slovenia'

Wisten jo dat yn de Sloveenske kustregio it Sloveensk én it Italiaansk offisjele talen binne mei deselde status? Learlingen yn dy regio geane nei in skoalle mei it Sloveensk as ûnderwiistaal óf nei in skoalle mei it Italiaansk as ûnderwiistaal. Dêrby krije se ferplichte oanfoljend ûnderwiis yn it Italiaansk as twadde taal (op de Sloveenske skoallen) of yn it Sloveensk (op de Italiaanske skoallen).

It Mercator Europeesk Kennissintrum foar Meartaligens en Taallearen, ûnderdiel fan de Fryske Akademy, docht ûndersyk nei ûnderwiissystemen yn Europeeske regio's mei in autochtoane minderheidstaal en nei hoe't dizze minderheidstaal in plak krijt binnen dy systemen. Yn oparbeidzjen mei ûndersikers fan de Universiteit fan Primorska (Slovenië) hat Mercator koartlyn it folslein bywurke Regionaal Dossier oer it Italiaansk yn Slovenië presintearre. De wichtichste punten út

it dossier, de gearfetting yn trije talen (Ingelsk, Italiaansk en Sloveensk) en it folsleine dossier kinne jo fine op de dossier-webside. □


→ De wichtichste punten út oare Regionale Dossiers set it team alle moannen op sosjale media, te finen mei #RegionalDossierHighlights of #MercatorRegionalDossiers. → www.mercator-research.eu/regional-dossiers/italian-slovenia/



Promoasje: Aldfrysk en geleard rjocht yn 15^{de} iuwsk Fryslân

Histoarikus Marvin Wiegand ferdigene syn proefskrift *The Reception of Learned Law in Fourteenth- and Fifteenth-Century Frisia* op tiisdeitemiddei 17 oktober 2023 oan de Vrije Universiteit Amsterdam. De begelieding fan it promoasjetrajekt wie yn hannen fan promotor prof. mr. Jan Hallebeek (Vrije Universiteit) en de ko-promotors dr. Han Nijdam (Fryske Akademy) en prof. dr. mr. Hylkje de Jong (Vrije Universiteit).

Om 1400 hinne ûntstie der yn Fryslân in nije rjochtstradysje, dêr't it klassike Aldfryske rjocht fiergeand yn beynfloede waard troch it gelearde rjocht; it kanonike en Romeinske rjocht dat fan de 12^{de} iuw ôf yn hiel midsiuwsk Europa bestudearre en praktisearre waard.



Rjochtsdomeinen
Wiegand lit oan 'e hân fan in ûndersyk nei fiif rjochtsdomeinen (kontrakten, rjochtsproseduere, dieverij, testaminten en widdowen) sjen hoe't it Fryske rjocht ynhâldlik beynfloede waard tusken om-ende-by 1300 en 1500. It proefskrift is dêrmei net allinne in bydrage oan de Fryske rjochtsskiednis, mar ek oan de stúdzje nei de resepsje fan frjemd rjocht. De stúdzje fan dizze yngewikkelde matearje easket kennis fan it Aldfrysk en Latyn, njonken dy fan de moderne talen dêr't hjiroer yn skreaun is: Nederlânsk, Frysk, Dútsk en Ingelsk. "Het is moeilijk, maar het is te lezen", sa seit Wiegand: "Het lijkt een klein beetje op Duits, Engels en Nederlands". De lêste dy't him serieuze mei de rjochtstradysje yn Fryslân dwaande holden hat, wie de gelearde Pieter Gerbenzon (1920-2009). No't it Aldfrysk de lêste jieren hyltiten mear (ynternasjonaal) omtinken krige hat, is it wichtich om ek dit aspekt fan de letmidsiuwske tradysje te bestudearjen.

Marvin Wiegand
Marvin Wiegand waard yn 1992 berne te Berlyn. Hy studearre skiednis oan de Freie Universität te Berlyn en die syn Master skiednis oan de Universiteit Leiden. No't er de doctorstitel helle hat, soe er noch wol mear ûndersyk dwaan wolle, bygelyks nei froulju: "Welke mogelijkheden hadden zij in deze periode? Wat konden ze wel, en wat konden ze niet doen? We kunnen nog heel veel te weten komen over vrouwen in de Friese maatschappij".

Finansiering
Provinsje Fryslân en it Frysk Akademyfûns ûnderstreken it belang fan dizze stúdzje troch it ûndersyk mei te finansieren. □

→ Proefskrift
Wiegand, Marvin. P. (2023). *The Reception of Learned Law in Fourteenth- and Fifteenth-Century Frisia*. Proefskrift. 300 siden. Fergees del te laden fia:
<https://lyt.sr/Pbpmz>

Undersyksresultaten 'Nije sprekkers fan it Frysk'

It feit dat nije sprekkers it Frysk prate kinne, betsjut noch net automatysk dat sy de taal ek brûke. Dat is op te meitsjen út de nije artikelen fan Ruth Kircher (oant april 2023 wurksom by Mercator/ Fryske Akademy, no by it European Centre for Minority Issues), Ethan Kutlu (University of Iowa) en Mirjam Vellinga (Afûk). Harren ûndersyksprojekt 'Nije sprekkers fan it Frysk: Promoasje fan it learen en brûken fan de taal om refitalisaasje te stimulearjen' resultearre yn in oantal nijsgjirrige publikaasjes.

Yn oktober stie it stik 'Evaluative reactions to minority languages and their varieties: Evidence from new speakers of West Frisian' as in open access artikel yn it ynternasjonale tydskrift foar sosjolingüistyk Language in Society (Cambridge University Press). In moanne earder ferskynde it artikel 'Promoting Minority Language Use to Foster Revitalisation: Insights From New Speakers of West Frisian' yn it renomearre Applied Linguistics (Oxford Academic).

Neist in rige wittenskiplike artikelen hawwe Kircher en Vellinga koartlyn ek in blogpost makke foar it ECMI Minorities Blog. Dit artikel fettet de wichtichste befiningen fan ien fan de ûndersyksûnderdielen gear, en lit de op ûndersyk basearre maatregels sjen dy't it projektteam ûntwurpen hat om it brûken fan it Frysk yn Fryslân te befoarderjen. De artikelen, it blog, it byhearrende lesmateriaal en ek it ûndersyksrapport binne te finen op de projektpagina. □



→ www.mercator-research.eu/nijesprekkers/

Akademy-publikaasjes kinne jo keapje fia

www.afuk.nl

Cor van der Meer mei pensjoen

Syn funksje as projektlieder fan it Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen brocht Cor van der Meer de hiele wrâld oer. Tweintich jier lang sette hy him yn foar regionale en minderheidstalen en brûkte dêrby graach de Fryske sitewaasje as in laboratoarium fan meartaligens. Hy die syn bêst om Europa nei Fryslân te bringen en Fryslân nei Europa. No is ek foar him de tiid oanbrutsen om ôfskie te nimmen fan syn wurksame libben. "It is wennen, giest mar ien kear mei pensjoen".

"It wurk dat ik hjir dien haw, wie my op it liif skreaun", fertelt Cor van der Meer yn syn kantoar yn it Coulonhûs. "Ik haw nei Sibearië ta west, Australië, mar ek nei Súd-Amearika. Dan komst wol ta it ynsjoch dat it Frysk net allinnich stiet. Oeral binne soartgelikense sitewaasjes en mei-inoar kinst sykje nei antwurden". Moaie oantinkens bewarret hy oan de reizen mei de OVSE (Organisaasje foar Feilichheid en Gearwurking yn Europa). "Dat fûn ik prachtich. Mei delegaasjes nei Kirgizië, Kazachstan, Moldavië, Montenegro, Kosovo, Oekraïne. Allegear hurden fan mooglike problemen, omdat de minderheden dêr net genôch romte krije. Mei de OVSE besochten wy dan mei stille demokrasy it respekt tusken de groepen te fergrutsjen".

Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen

It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen makket diel út fan de Fryske Akademy en ûndersiket meartalich ûnderwiis en taallearen yn Europa. It is in ûnôfhinklike en erkende besoarger fan kennis en ynformaasje. De skiednis fan it Mercator Kennisintrum begjint yn 1987. Yn dat jier waard it Europeeske Mercator Network oprjochte, besteande út trije ynstututen: Mercator Education (Fryske Akademy), Mercator Legislation (CIEMEN/ Universiteit fan Barcelona) en Mercator Media (Universiteit fan Aberystwyth). It netwurk wie in inisjatyf fan de Europeeske Kommisje, én it direkte resultaat fan twa moasjes fan it Europeeske Parlemint: de 'moasje Kuijpers' (moasje oer talen en kultueren fan regionale en etnyske minderheden yn de Europeeske Mienskip) en de 'moasje Arfé'. Letter waard it Mercator Network útwreide mei it Hongaarske Research Institute for Linguistics/ Eötvös Loránd Research Network en de Universiteit van Stockholm. Yn 2016 hold de Europeeske subsidzje foar it netwurk op, mar de partners wurkje noch altyd gear, bygelyks by it meitsjen fan de moanlikse nijsbrief oer meartaligens yn Europa.



Kânsen

Twa desennia lyn makke Van der Meer de oerstap fan it NIWI, it Nederlânsk ynstutút foar wittenskiplike ynformaasje-tsjinsten yn Amsterdam, nei de Fryske Akademy. Earst detasjearre, letter yn fêste tsjinst. "En ik bin nea mear fuortgongen", fertelt de projektlieder. "Doe't ik hjir kaam, hiene we in lyts team mei dieltiidmeiwurkers. We krigen ek mar in bytsje subsidzje út Europa. It like der sels op dat de subsidzje foar Mercator fuortfalle soe, mar ik seach kânsen foar it fuortbestean. Kollega Durk Gorter, dy't doe myn eigentlike baas wie en no professor by de universiteit fan Baskenlân, hat my ynspirearre om troch te setten. Yn 2005 en 2006 haw ik in soad finansjele potsjes socht en presintaasjes holden om Mercator oerein te hâlden. En ik bin der grutsk op dat dat slagge is. Dêrnei koene we ek groeie."

As projektlieder fan it kennisintrum wie Van der Meer altyd op syk nei eksterne finansiering. "Ik haw de sifers graach op oarder. De ferbining lizze tusken finansjes en de projekten, dat fyn ik geweldich wurk om te dwaan." Dochs wie hy altyd mear de manager as ynhâldlik saakkundige, sa seit er sels. "Doe't ik hjir kaam, wie it wol bedoeling dat ik noch genôch tiid hawwe soe om te promovearjen. Durk Gorter soe dan myn promotor wêze. Mar it wie te drok. De finansiering fan Mercator moast feilichsteld wurde en al myn tiid gie yn it management sitten. Durk fertrok nei Baskenlân yn 2007 en dêrnei is it der gewoan net mear fan kommen."

Teamwurk

Van der Meer is der wiis mei, dat yn it hjoeddeistige Mercatorteam de promovearre kollega's de begjinnende ûndersikers begeliede by it skriuwen fan blogs en artikelen foar wittenskiplike tydskriften en websites. "De lêste nije meiwurkers binne goed ûnderlein yn de matearje. De wittenskiplike ynhâld is yn de rin fan de jierren echt belangriker wurden." Yn dit ramt neamt er ek de wichtige gearwurking mei de provinsje en de rol dy't Mercator pakt as yntermediër en ferbinder fan ûndersyk en deistige praktyk. "Dat der in fraach yn de maatskippij is, dat we in jonge ûndersiker de kâns jaan kinne om it projekt út te fieren en dat dy dan ek noch publisearret of promovearret. Geweldich, dat fyn ik echt in prachtich proses."

Drs. Cor van der Meer

- 2004-2023: Projektmanager Mercator
- 2007-2019: Haad fkgroep Sosjale wittenskippen en MT-lid by de Fryske Akademy
- 1997-2004: NIWI
- 1990-1997: Steinmetz Archive (opgien yn NIWI)
- 1988: doktoraal Sosjology, Ryksuniversiteit Grins

De takomst foar Mercator sjocht Van der Meer posityf. Mercator hat in goede namme yn Europeeske kringen en makket diel út fan netwurken as NPLD, FUEN en ELEN. "Us ûndersiken binne *value for money*", leit Van der Meer út. "Wy binne in betroubere projektpartner en wurde faak frege troch oare partijen om mei te dwaan yn Europeeske projektoanfragen." Hy beklammet dat it net syn fertsjinste is, mar dat fan it kompleete team fan Mercator. "Oeral dêrt ik kom lêze de minsken ús moanlikse Mercator Network Newsletter en úntliene de ûndersikers status oan harren meiwurking oan ús Regionale Dossiers."

Doel

Dochs wie it wol hurd wurkjen om ek yn Nederlân serieuus nommen te wurden. "Binnen de akademyske wrâld waard Mercator faak besjoen as 'sa mar in projektsje'. Der waard tocht dat wy allinnich mar jild kosten, mar wy brochten júst in hiel soad jild binnen." Dat waard pas echt goed sichtber doe't yn 2014 it Erasmus+ programma fan de Europeeske Uny úteinsette. "Sûnt dy tiid hawwe wy in hiel soad grutte projekten én projektjild binnenhelle. Us doel foar de kommende jierren is ek om alle jierren op syn minst ien oanfraach foar in Erasmusprojekt te dwaan." Mar no't ek by Van der Meer de teller hast op 67 stiet, sil hy by it skriuwen fan de nije oanfragen net mear de karre lûke. "Ik mei noch oant de maitiid in pear oerkes yn de wike advisearje en saken ôfhannelje en oerdrage." 23 desimber is syn earste AOW-dei. "It is wennen. Giest mar ien kear mei pensjoen. Ik ha al trije boekideeën tastjoerd krigen en ik bin ek al frege foar ferskate netwurken. Mar ik haw wol mei mysels ôfpraat om it de earste moannen rêstich oan te dwaan."



Jong

Misse sil er Mercator wol. "Ik ha oeral yn Europa kunde makke. Guon binne freonen wurden dy't by my thús west hawwe. Ik sil it allegear wol misse, de spanning, it wurkjen mei it team." Van der Meer priizget de sfeer ûnder de meiwurkers. "It groepsgefoel fûn ik

belangryk. We hawwe in jong team en ik haw it gefoel dat ik sels jong bleau bin troch it wurkjen mei jonge ûndersikers." Van der Meer nimt ôfskie fan de Fryske Akademy as in tefreden man. "Ik ha nea in momint spyt hân. It hat sa wêze moatten." □



Meiwurkers

Oangeande de meiwurkers fan de Fryske Akademy is it neikommende te melden:

Evelyn Bosma is mei yngong fan 1 augustus út tsjinst gien. Se wie de ôfrûne jierren as postdok Meartalige Geletterheid oan de Fryske Akademy ferbûn.

Suzanne Dekker is fan oktober ôf begûn as postdok Meartaligens by it Mercator Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen.

Fan novimber ôf nimt **Jelske Dijkstra** geandewei de taken fan **Cor van der Meer** oer, dy't ein 2023 mei pensjoen giet, op side 10 lêze jo dêr mear oer. Dijkstra wie al wurksum as ûndersiker by de Fryske Akademy. Oant foar koart wie se mei Simon Halink ek programmakoördinator. Dy taak hat se nei de simmer dellein.

Gastûndersikers

De Fryske Akademy koe de ôfrûne tiid ek wer in stikmannich gastûndersikers wolkom hjitte, dêrfan guon op 'e nij: **Jan Temme** is heal septimber út ein setten by Simon Halink en Han Nijdam. Yn novimber begûnen **Reitze Jonkman** en **Rolf Bremmer**. Jelske Dijkstra nimt de begelieding fan Jonkman foar har rekken en Hans Van de Velde en Pieter Duijff dy fan Rolf Bremmer. **Sune Gregersen** is foar in goed moanne fan 6 novimber ôf op de Fryske Akademy te gast. Anne Merkuur is syn begelieder.



Hanne Bouma

Frijwilligers

Foar it Rymwurdboek en de presintaasje dêrfan op 12 novimber – lês dêroer op side 19 – hawwe **Pieter Zijlstra**, **Sweder Oosterkamp** en **Teun de Vries** flink yn it spier west, dit diene se ûnder begelieding fan Jelske Dijkstra en Eduard Drenth.

Alexandra Has hat aktyf west foar it COLING-projekt by Hans Van de Velde. Mear oer it COLING-projekt is te lêzen op side 15.

Foke Beetsma hat wurksumheden dien by

Taalkunde en **Peter Levi** ferliende stipe by it HISGIS, oan it begjin fan de simmer sieten harren taken der op.

Stazjêres

De Fryske Akademy biedt studinten ek graach de mooglikheid ta in stazje. **Hanne Bouma** hat oant begjin augustus foar har stúdzje lânskipsskiednis in bydrage levere oan it feangreideprojekt fan promovendus Mark Raat. Yn septimber begûn **Emma Bloemhoff** by Hans Van de Velde, **Marten de Jong** by Eduard Drenth, sjoch dêrta ek op side 17, **Svenja Liedtke** by Mercator en **Hilbert Vinkenoog** by Han Nijdam/Nelleke IJssennagger-van der Pluijm. **Melissa Wijkstra** is sûnt novimber ek by Mercator yn 't spier. □

Maritime Skiednis Jiersymposium:

Friezen in de admiraliteiten van de Republiek in de Vroeg-Moderne Tijd

De Wurkgroep Maritime Skiednis fan de Fryske Akademy organisearret syn 12^{de} jiersymposium op sneon 3 febrewaris 2024, de middeis fan 14.00-17.00 oere yn it Fries Scheepvaart Museum te Snits. Diskear is it tema: **Friezen in de admiraliteiten van de Republiek in de Vroeg-Moderne Tijd**. Der wurde fiif lêzingen holden.



- Hugo Ter Avest (Hannemahuis Harlingen) *De materiële restanten van de Admiraliteit in Friesland*
- Anna Verhoog (Universiteit Leiden), *Neerlands hoop in bange dagen: de vergeten Friese kapitein Adriaan de Rook*
- Nykle Dijkstra (Histoarysk Sintrum Ljouwert), Hans Zijlstra (SneuperDokkum) *Jeppe Nittes uit Dokkum en de vlag van de Zilvervloot*
- Peter Swart (Stichting Huis Warmelo) *Friese matrozen op het oorlogsschip Huis te Warmelo*
- Hanno Brand (Fryske Akademy) *Friese koopvaarders in het gekaapte eskader van Van Bylandt in de aanloop tot de 4^{de} Engelse Oorlog* □

→ **Opjefte**
De kosten foar it symposium bedrage € 17,50, dit is ynklusyf in besite oan Fries Scheepvaart Museum. Foar leden/stipers fan de Fryske Akademy of lju dy't in Museumkaart hawwe, binne de kosten € 15,00. Sjoch foar neiere ynformaasje oangeande opjefte op ús website:
→ www.fryske-akademy.nl/marimeskiednis



Direkteur-bestjoerder Nelleke IJssennagger-van der Pluijm mei de nije leden, flnr: Jacob Fokkema, Sietske Poepjes, Wim Benes en Hinne Wagenaar.

Fjouwer nije leden foar Fryske Akademy

By de Akademydei fan freed 8 septimber 2023 binne fjouwer nije Akademyleden beneamd: **Hinne Wagenaar**, **Sietske Poepjes**, **Wim Benes** en **Jacob Fokkema**. De leden binne beneamd op grûn fan harren bysûndere bydrage op it mêd fan de wittenskip of de maatskippij oangeande de Fryske taal en kultuer.

Yn it koart wêrom't dizze minsken ta lid fan de Fryske Akademy beneamd binne:

Hinne Wagenaar - ambassadeur fan it Fryske ferhaal en in Fryske spiritualiteit, mei each foar minske, skiednis en meartaligens.

Sietske Poepjes - ynset foar in taalbelied mei ambysje en konkrete doelen; set har y foar it Frysk as ambassadeur, motivator en oanjager.

Wim Benes - inisjator fan Fryske samling ynsprutsen sinnen foar CommonVoice yn oparbeidzjen mei de Fryske Akademy en oare organisaasjes.

Jacob Fokkema - sette him yn foar de hiele wittenskiplike ynfrastruktuer yn Fryslân, stie oan 'e widze fan 'e University Campus Fryslân. □

WikiWomen: “Tige ynspirearjend”

Helga Kuipers-Zandberg is yn juny begûn as projektmeiwurker by it Mercator Europeesk Kennisinstrum. Earder wurke Kuipers-Zandberg ek al foar Mercator en wie hja belutsen by it Lang-Up projekt en by ferskate ûndersiken foar NPLD en DINGtiid. Ien fan de projekten dêr't hja no oan wurket, is it Erasmus+ projekt WikiWomen. Yn april 2024 nimt it projektkonsortium in groep Fryske learlingen mei nei Baskelân om fierder te wurkjen oan online frouljusbiografyen yn in minderheidstaal.

Hoi Helga, wolkom werom by de Fryske Akademy! Binne der al moaie nije Wikipedy-biografyen makke oer Fryske froulju? “Dankewol! Foar't ik hjir kaam wiene der al in stikmannich biografyen skreaun! De fokus foar de oankommende ekskurzje nei Baskelân sil foar de learlingen ek benammen lizze op it presintearjen fan harren wurk oant safierhinne en it krijen en jaan fan feedback.”

Wêr bisto it meast mei dwaande binnen dit projekt? “Ik wurkje oan de GLAM toolkit, in stappeplan foar Galleries, Libraries, Archives and Museums dy't it Wikiwomenprojekt ek yn harren edukative aktiviteiten ynpasse wolle. It befettet

eftergrûnynformaasje oer it projekt, ynformaasje oer it wurkjen mei Wikipedy, en mear. De GLAMs kinne harren eigen oanpak en fokus kieze, op genderrepresintaasje, minderheidstalen, of it dwaan fan ûndersyk. Ek steane der tips yn oer hoe't je partners fine kinne as je sels net de ekspertize yn 'e hûs hawwe. It doel is om in langduorjende útwikseling tusken skoallen en GLAMs yn wurking te setten.”

Do hast yn oktober nei Dublin west om te oerlizzen oer de plannen foar 2024. Kinst ús dêr wat mear oer fertelle? “It wie hartstikke moai om yn Dublin de oare

partners te moetsjen. It projekt is tige ynspirearjend en hjoed-de-dei ek hiel wichtich. Digitale feardigens, it befjochtsjen fan de genderkleau, en it promoatsjen fan minderheidstalen gripe mei dit projekt hiel moai yn elkoar. Yn it oerlis fan oktober hawwe wy de produkten dy't wy opleverje moatte, lykas de GLAM toolkit, bediskusjearre en hawwe wy konkretere plannen makke foar de útwikseling nei Baskelân mar ek foar in Fryske Wikithon. 18 novimber 2024 sil it heve, dan komme de learlingen út Baskelân en Ierlân nei Ljouwert! ☐



Helga Kuipers-Zandberg (5e fan links) en de konsortiumpartners út Ierlân en Baskelân.

→ meta.wikimedia.org/wiki/WikiWomen_Erasmus+_Project

Undersikers fan Fryske Akademy & Mercator presintearren: Resultaten COLING-projekt yn Area Grecanica (IT)

Op 21 en 22 septimber 2023 presintearren Fryske Akademy/ Mercator ûndersikers Hans Van de Velde, Charlie Robinson-Jones en Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm, tegearre mei inkelde oare kollega's, de resultaten fan harren ûndersiken op de konferinsje *Lingue “minori”, opportunità maggiori: i risultati del progetto COLING nell’area Grecanica (Minority languages, major opportunities: the results of the COLING project in the Grecanic area)*. De konferinsje wie de ôfsluting fan in *Horizon 2020 - projekt foar de promoasje en ûntwikkeling fan duorsume maatregels foar de refitalisaasje en it behâld fan minderheidstalen*.

Stypjen en beskermjen

De konferinsje, dy't holden waard yn de histoaryske doarpkes Gallicianò en Bova, luts mear as 30 dielnimmers út Itaalje en oare Europeeske lannen, ynklusyf ûndersikers dy't tegearre mei GAL Area Grecanica wurkje oan it stypjen en beskermjen fan de Greko minderheid. De folgjende ûndersikers/stazjêrs fan de Fryske Akademy/ Mercator, presintearren harren ûndersyk nei de Greko taal, kultuer en tradysjes:

- **Hans Van de Velde:** The fading linguistic landscape of Greko and Greek
- **Charlie Robinson-Jones:** Qual è il ruolo dei paesaggi linguistici nei musei che rappresentano le minoranze linguistiche? – il caso del Museo della Lingua Greco-Calabra “Gerhard Rohlfs” (What is the role of linguistic landscapes in museums representing linguistic minorities? – the case of the “Gerhard Rohlfs” Museum of the Calabrian-Greek Language)
- **Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm:** The longer history of minority cultures in Europe: A case study of Calabrian-Greeks and the dynamics of the Norman period



Charlie Robinson-Jones oan it wurd.

- **Jim Slemmer** (stazjêr, Utrecht University): Cosa possiamo fare per il Greko? (What can we do for Greko?)
 - **Alexandra Has** (stazjêr, University of Groningen): VLOG Alexandra in Calabria
 - **Didier Demolin:** The making of a lyre (a traditional Calabrian musical instrument)
- Ek oare konsortiumleden fan it COLING-projekt, wêrûnder GAL Area Grecanica en de Universiteit fan Warsaw, presintearren harren ûndersyksresultaten en útkomsten, lykas Greko-lesmateriaal en in dokumintêre oer To Ddomadi Greko, in simmerskoalle dêr't de Greko taal en kultuer ûnderwiisd wurdt. ☐



Hans Van de Velde jout in presintaasje.



Charlie Robinson-Jones oan it wurd.



Boppeslaggen foar it Frysk fan Sealterlân

Yn 2023 rûn foar it tredde jier it projekt oer de grammatika fan it Frysk fan Sealterlân. Sealterlân is in taaleilân ticht by Oldenboarch yn Dútslân, dêr't noch in fariant fan it Eastfrysk praat wurdt. Sels yn de eigen doarpen is it in minderheidstaal wurden, mei net mear as ien of twa tûzen sprekkers.

Grammatika

Dit jier is der in wittenskiplike grammatika fan it Sealteresk skreaun, dy't ferskine sil op de site fan www.taalportaal.org. Dêr binne ek grammatika's fan ús Frysk te finen, fan it Afrikaansk en fan it Nederlânsk. Foar it Frysk en it Nederlânsk (en it Sealteresk) binne it fuort ek de grutste grammatika's dy't oer dy talen ferskynd binne, en alles yn it Ingelsk.

Kongres yn Sealterlân

Mar der hat ek in kongres foar in breed publyk plakfûn yn Sealterlân, op 24 juny fan dit jier. Der wie in boeiend programma mei ôfwikseljend lêzingen en ferdivedaasje lykas bernekoaren, dûnsgroepen en sketches. Dêr hawwe ek in tal taalwittenskippers út Dútslân en Nederlân ôfpraat om spesjaal omtinken te jaan oan de taalstúdzje fan it Sealteresk. Wy ferwachtsje dan ek dat der yn de kommende jierren noch mear omtinken foar it Sealteresk wêze sil yn de foarm fan artikelen en kongressen. De Dútske Grammatik fan it Sealteresk hat ek syn wei al fûn nei de ûnderwizers dy't

lesjouwe oer it Sealteresk en nei de Universiteit fan Oldenboarch dêr't kolleezjes oer it Sealteresk jûn wurde.

Boekje mei koarte artikelen

As útsetter sil der meikoarten ek noch in boekje útkomme mei koarte artikelen oer it Sealteresk foar in breed publyk. It

boekje befettet bydragen fan ûnder oaren Henk Wolf (Oldenburgische Landschaft), Bouke Slofstra (Buro Lingua Slofstra) en Eric Hoekstra (Fryske Akademy). De mûne fan de Sealterfryske taalwittenskip hat de ôfrûne trije jier goed draaid, mei tank oan de Fryske Akademy! □



Nij Europeesk projekt: Read with MEE!

Oan 'e ein fan desimber set it Europeeske projekt **Read with Multilingual Early Education (Read with MEE)** útein. **Read with MEE hat as doel om belangrike lêsfeardigens en lykweardige edukative kânsen te befoarderjen foar jonge meartalige bern tusken de 2 en 6 jier âld. De klam fan it projekt leit by bern dy't in nasjonale, regionale, migrante- of flechtlingeminderheidstaal prate. Dêrby kin yn Fryslân bygelyks tocht wurde oan Fryske, Biltske, Turkske of Oekraynske bern. Read with MEE sil de ynklúzje fan har taalfeardigens befoarderje op foarskoalsk ûnderwiis en thús.**

Meartalige lêsfeardigens

It projekt is rjochte op it ferbetterjen fan de ynklusieve ûntwikkeling fan meartalige lêsfeardigens en hat as doel om

a) kennis te fergrutsjen oer in ynklusive ûntwikkeling fan meartalige lêsfeardigens, b) it stypjen fan ymplementaasje en ynklúzje fan meartalige lêsfeardigens op foarskoalsk ûnderwiis en thús, en c) in positive hâlding te ûntwikkeljen foar taalferskaat en thústalen.

It Mercator Europeesk Kennisintrum, ûnderdiel fan de Fryske Akademy, sil dit nije Erasmus+ projekt


koördinearje. De oare partners yn it projekt binne NHL Stenden Hegeskoalle, 8D Games (Ljouwert), ATIT (België), Trinity College Dublin (Ierlân), en de Universiteit fan Baskelân (Spanje). De finansiering komt út it Erasmus+ programma foar ûnderwiis, training, jeugd en sport fan de Europeeske Uny. □

Frysk-Ingelsk op 'e telefoan

It Frysk krijt ek ynternasjonaal omtinken en dat liket ta te nimmen. Ien fan de redenen is dat de Fryske taal hiel moai is om te bestudearjen, in oare hat mear te krijen mei toerisme en ymmigraasje. Om dy reden hat de Fryske Akademy wurke oan it digitaal beskikber meitsjen fan it papieren Frysk-Ingelsk wurdboek (út 2000) fan Anne Dykstra, dy't doedestiids oan de Fryske Akademy ferbûn wie as leksikograaf. Op frisian.eu is dat Frysk-Ingelsk wurdboek te finen. Dat digitale wurdboek is folslein standerdisearre, mar net hiel freonlik en maklik te brûken út oare tapassingen wei.

De folgjende stap yn it ynternasjonaal tagonklik meitsjen fan de Fryske taal is dêrom no set. Stipe foar praters fan it Ingelsk wurdt no ynboud yn "languageapi"

en mei dy API (Application Programming Interface) ûntwikkelet Marten de



Jong (stazjêr HBO-ICT fan NHL Stenden Hogeschool) in Frysk-Ingelske (en vice versa) mobile app foar op de telefoan. In fragelist oer easken en winsken leit oan de basis fan de ûntwikkeling. Sa kin de app goed oanslute by it ferlet fan ferskate doelgroepen.

Earste resultaten

De earste resultaten binne ûnderwilens al klear. It sjocht der moai út en hat ek al laad ta ferbetteringen yn de data. Nei alle gedachten kin elk fan begjin takom jier ôf de app brûke. □

Begelieding ûndersyk Wapens en wapenrissing yn Frisia

Undersiker dr. Han Nijdam fan de Fryske Akademy en dr. Johan Nicolai fan de Ryksuniversiteit Grins, earder winner fan de skripsjepriis fan de Fryske Akademy 1996 - 1998, begeliede in ûndersyk nei Wapens en wapenrissing yn Frisia.

It ûndersyk wurdt útfierd troch konservator Middeleeuwen en Terpencultuur Diana Spiekhout fan it Fries Museum. Hja hat foar dizze stúdzje in Museumbeurs takend krigen.

Fan ûndersyk oant tentoanstelling

Yn de stúdzje wurdt de betsjutting fan wapens en wapenrissing yn Frisia út de perioade 350 oant 800 nei Kr. ûnder de loep naam. Archeologyske resten fan wapens binne wichtich yn it ûndersyk nei politike (yn)stabiliteit yn Noard - en Midden-Europa yn de iere midsiuwen. Eardere stúdzjes nei dit ûnderwerp oangeande Frisia biede lykwols gjin kompleet oersjoch fan dy foarwerpen. It nije ûndersyk hat dêrom as doel Frisia-breed alle wapens en wapenútrissing

te ynventarisearjen. Sa kin mear ynsjoch krigen wurde yn de machtsûntwikkeling fan dit gebiet. Dy ynsichten wurde dêrnei pleatst binnen de ynternasjonale diskusjes oer de betsjutting fan wapens en de posysje fan Frisia yn de folksferhuzingstiid en de iere midsiuwen en de ûntwikkeling fan keningskip. De resultaten fan dit ûndersyk komme oan bod yn de tentoanstelling mei de wurktitle Redbad, dy't yn 2026 yn it Fries Museum iepenje sil.

Museumbeurzen

It programma Museumbeurzen fan de Nederlandse Organisatie voor Wetenschappelijk Onderzoek (NWO) jout foarm oan de mooglikheid om koartrinnend ûndersyk te dwaan yn ien fan de goed 400 musea yn Nederlân. It ûndersyk is yn hannen fan in museumekspert en fynt plak yn gearwurking mei universiteitsûndersikers. It beëage doel fan de Museumbeurzen is it ferdjipjen en ferdúdljken fan de ideeën, materialen en objekten yn de museumkolleksje. □

Twa nije herauten Fryske Rie foar Heraldyk

Klassikus André Looijenga (Tersoal, 1982) en histoarikus Dirk Jan Muntendam (It Hearrenfean, 1985) binne op freedtemiddei 10 novimber beneamd as nije heraut by de Fryske Rie foar Heraldyk fan de Fryske Akademy. Dit barde by in spesjale seremoanje yn seal Gryn op de Fryske Akademy.

De twa nije herauten binne beklaaid mei in tabbert, krigen in herautsstêf en in medaljon mei it wapen fan it diel fan de Fryske lannen dat harren titel ynhâldt.

De Fryske Rie foar Heraldyk is in kommisje dy't rie jout. Dy rie leit op it mêd fan wapens fan de provinsje, de gemeenten, de wetterskippen, de wapens fan steden, flekken en doarpen en de besteande famyljewapens. Boppedat ûntwerpt de Rie wapens, flaggen en wimpels foar û.o. doarpen, famyljes en korporaasjes, lykas skoallen, ferienings ensfh.

Fierders is de Rie warber op it mêd fan it flagge-protokol, it advisearjen by restauraasjes (heraldyske ôfbyldings), it jaan fan lêzings en heraldyklessen. Dêrneist fersoargje guon leden publikaasjes oer ferskate heraldyske ûnderwerpen. Ien en oar moat te krijen hawwe mei de Fryske lannen.

Aldste kolleezje

De Fryske Rie foar Heraldyk is oprjochte yn 1956 en is it âldste provinsjaal heraldysk kolleezje yn Nederlân en bestiet út spesjalisten, dy't op grûn fan harren saakkundigens ta lid fan de Rie beneamd binne. □

De leden fan de Fryske Rie foar Heraldyk yn de nije gearstalling, anno 2023: fan lofts nei rjochts:

André Looijenga, Heraut Sudergoa;
Peter Hans van den Muijzenberg, Heraut Waadeilânen;
Rudolf Broersma, Heraut Frisia IV;
Jelle Terluin, Heraut Frisia I;
Jan Anema, Heraut Alve Stêden;
Klaas Bekkema, Heraut Eastergoa;
Sipke Hoekstra, Heraut Westergoa;
Piet Bultsma, Heraut Stellingwarf en
Dirk Jan Muntendam, Heraut Sânwâlden.



Stipe foar rymjende Fryskskriuwers

Yn it ferlet fan alle helpsinteklazen, hobbyrappers en aspirant-dichters is foarsjoen. De Fryske Akademy hat, yn 'e mande mei rapper/kolumnist Pieter Zijlstra en syn maten, Sweder Oosterkamp en Teun de Vries, it 'rymwurdboek' makke. It waard presintearre op sneintemiddei 12 novimber yn Neushoorn te Ljouwert.


It rymwurdboek is in útwreiding fan [Frysker.nl](https://frysker.nl), it digitale skriuwark dat stipe jout by it opstellen, staverjen en oersetten fan Fryske teksten. It rymwurdboek is streekrjocht te benaderjen fia [Frysker.nl/rymje](https://frysker.nl/rymje) en rymwurdboek.nl.

Hoe't it wurket

It rymwurdboek is basearre op wurdlisten en op de wize hoe't de klanken fan it Frysk op skrift fêstlein wurde. Nei it ynfieren fan in rymwurd siket it wurdboek yn trije stappen om wurden dy't rymje. As earste wurdt bepaald mei hokker part fan it rymwurd oft socht wurde sil. Dat bart op basis fan it tal wurdlidden (lettergrepen). Dêrby wurdt der ek rekken mei holden dat der bylûden binne dy't al skreaun, mar net útsprutsen wurde, de saneamde 'stomme lûden'. Dêrnei wurdt sjoen hokker wurden oft gelyk einige kwa klank. As lêste wurde alle resultaten filtere en sortearre. It rymwurdboek sjocht dan nei hoe faak oft de wurden foarkomme, oft se ferâldere binne, en oft it foarkarsfoarmen binne of farianten dêrfan. By it sortearjen wurdt der earst groepearre op it tal wurdlidden en dêrnei wurde de foarmen oardere op suver rym of healrym, ynterne oerienkomsten, en op it Fryske alfabet.

Healrym en takomstwinzen

It rymwurdboek wurket op basis fan it Foarkarsfrysk. It is ek mooglik om nei 'healrym' te sykjen. Dan wurdt sjoen nei klanken dy't ticht byinoar lizze, lykas 'ii' en 'ie' yn 'priis' en 'Fries'. Mei de tiid hopet de Fryske Akademy it rymwurdboek hieltyd folsleiner te meitsjen troch noch mear foarmen fan healrym te identifisearjen en dêrneist ek mear omtinken te jaan oan it ferskaat oan regionale útspraken. □



Software-arsjitekt Eduard Drenth jout útlis oer hoe't it Rymwurdboek wurket.

By de lansearring fan it rymwurdboek Neushoorn 12 novimber 2023 Janneke Spoelstra

Hjoed bin ik sneinsdichter, stedsdichter,
mei it rymwurdboek rimet it lichter.
Ja, sa wurdt elk fan Fryslân in Dichter,
doarpsdichter, gemeentedichter, wrâlddichter.

Kom, lit ús rymje, lit de wurden flymje,
lit ús wurden lymje. Net mear pûste en hymje,
net langer grymje of stymje,
lit dyn slomjend dichttalint ûntkymje.

Mar pas op, mei it rymwurdboek op 't skerm
rydst mei auto of fyts samar as in blineterm
fan dyk of fytspaad ôf yn 'e berm.
Yn ûnderwâl of sleat brekst skonk of earm.

Dêrom rimest better thús,
by jimme of by ús,
op 'e bank of ûnder it itensieden by it fornús.
Elk kin it, bist smoaryk of earm as in lús.

Wiest earder oeren yn 'e war
mei in rym foar him of har,
fan hjoed ôf oan hast kar foar bar
en is 't it oergearkommen mar.

Der skûlet ek in Gysbert of in Rixt yn dij.
In rym foar Sinteklaas of trouwerij,
mei it rymwurdboek dichtest blij en frij,
hast samar libben yn 'e brouwerij.

Mei it rymwurdboek op frysker.nl
begjint de dichtier te streamen, krijst pikefel.
Mei de rymwurd fan de Fryske Akademy
dichtest mei om priis en premy.

Of bist mear in rapper, dan kinst mar rappe,
mei rymwurd in wrâld skeppe.
Of in appke op rym nei dyn leafste appke.
Al rymjend fierder as de pols lang is Ijeppe.

Lit dy noflik yn 'e kessens sakje
mei tee of kofje, in gebakje of konjakje.
Wie it dy oars te stûf, mei o-e of û-dakje,
it rymjen is no foar elk in makje.

Is it rym manlik, froulik, glydzjend, heal, nyk of fol
en liket it dy earst eins in tizebrol,
bist bang, do wurdst as in ko hoarndol,
yn it rymwurdboek fynst grif it goede rymwurd wol.

Rymjen wurdt no foar elk wille en tier.
Mei it dichtsjen rekket fan 'e flier.
Rymjen dochst grif fan hjoed ôf mei plezier.
Mei it rymwurdboek giet it as in tierelier.

Binne de wurden de stiennen, de rym is de speesje.
Brûk se goed, en brûk se mei diskreesje.
In rymke meitsje wurdt no foar elk in feestje.
En hoechst net ta de bûse, it is ek noch fergees, juh.

Der rinkelet gjin winkelskille. O, wat in wille,
sa'n rymwurdboek, en kinst dy der ek net oan fertille.
Wa't earder foar dichtsjen noch tebekskille,
kin no rêstich rymjend tsjille.

Dit rymwurdboek is foar elkenien, foar alle minsken
ienlingsminsk, mienskipminsk, wonderminsk.
En ta beslút bring ik hjirby oan elk de súnwinzen,
en foar de makkers en de brûkers de hertlike lokwinzen.

12^{de} Dei fan de Fryske taalkunde

Lêzing oer Mooglike genderneutrale foarnamwurden yn it Frysk

It Taalkundich Wurkferbân organisearre op freed 6 oktober de 12^{de} Dei fan de Fryske taalkunde. Ien fan de lêzings waard holden troch Janneke Spoelstra, leksikograaf by de Fryske Akademy. Har bydrage gie oer Mooglike genderneutrale foarnamwurden yn it Frysk. Hjirûnder kinne jo dy lêzing yn ynkoarte foarm lêze. Op Fristykt.nl stiet de hiele lêzing.

De fraach komt út en troch foarby: wat binne de genderneutrale foarnamwurden yn it Frysk? Undersyk yn Sweden hat oantoand dat it brûken fan genderneutrale taal in posityf effekt hat op it hâlden en dragen foar froulju en Ihbty+-persoanen oer. Faaks kin it brûken fan Fryske genderneutrale foarnamwurden soks ek dwaan. De iennige ynstellingen dy't oer dat gebrûk in útspraak dien hawwe, binne foarsafier bekend Stichtingen Frysk en Frij en Erfgoed Fundaasje. Yn dit stik binne in pear mooglikheden ynventarisearre.

Strategyen yn it finen fan genderneutrale foarnamwurden

Yn Sweden (2015) binne 'hen' en 'hens' opnommen yn 'e offisjele wurdlist:

- 'hen' om 'han' (Frysk: hy) en 'hon' (Frysk: hja/sy) mije te kinnen,
- 'hens' as besittlik genderneutraal foarnamwurd.

De **strategy**: nije foarms, mar wol tichtby besteande.

Yn it Ingelsk brûke se 'they' en 'them' (foar 'he'/'she' en 'him'/'her'). Besittlik 'their' (foar 'his'/'her').

Strategy: meartalsfoarmen foar in inkeltdal.

Dútsk: 'xier' en 'xiem' (foar 'er'/'sie' en 'ihm'/'ihr/sie').

Strategy: nije (markante) foarms.

Frânsk: 'iel' (foar 'il'/'elle').

Strategy: gearlûken fan manlik en froulik foarnamwurd.

Turksk hat gjin aparte manlike/froulike foarnamwurden: Frysk 'hy'/'sy' is beide kearen 'o', en Frysk 'syn'/'har' is 'onun'.

Yn *Van Dale Nederlands* stiet:

→ 'die' en 'hen' (als men niet 'hij', 'zij', 'hem' of 'haar' wil gebruiken),

→ bezittelijk 'diens' en 'hun' (voor zijn/haar),

Strategy: besteande foarnamwurden krije nije betsjutting.

De Taalunie seit: 'Die en enkelvoudig *hen* lijken meest kansrijk,

eventueel uitgebreid met *diegene*, met als bezitsvormen *diens* en enkelvoudig *hun*.'

Foar it Frysk jouwe Stichtingen Frysk en Frij en Erfgoed Fundaasje op harren website oan dat se genderneutraal wurkje mei:

→ 'je' foar 'hy'/'er' of 'hja'/'sy'/'se',

→ 'jin' foar 'him' of 'har',

→ 'jins' foar 'syn'/'sines' of 'har'/'harres'.

Strategy: besteande foarnamwurden krije in nije betsjutting. Ferlykber mei strategy Nederlânsk en Ingelsk.

In fragmint op Omrop Fryslân, yn 'e oanrin fan Rôze Sneon (2021):

Sjoernaliste: 'Hoe sprek ik dy oan?'

Non-binêre Frysktalige: 'Ja, dat is bêst moeilik. Mar as it kin mei hen, hun, die, diens. En oer it algemien kinst zij/haar/ensfh ferfange troch ... [de namme].'

Sjoernaliste: 'O, ja. Want yn it Frysk kin hen dan wer net, leau 'k, grammatikaal-technysk sjoen.'

Non-binêre Frysktalige (mei in sucht): 'Nee, mar we sizze ek oeral "jim" op.'

Yn it fragmint sjochst twa **strategyen**: wurden oernimme út it Nederlânsk (yn sprektal gjin probleem, yn skriuwtal faaks markearje), en de namme brûke fan 'e persoan.

Wat hat it Frysk as mooglike wjergaders fan de Nederlânske genderneutrale foarnamwurden:

Nl.	Fr.
die	> dy
hen	> har/harren
diegene	> dyjinge
diens	> dy-syn
hun	> hær/harren.

En foar de Ingelske genderneutrale foarnamwurden:

Ing.	Fr.
they	> hja/sy
them	> hær/harren
their	> hær/harren.

De trochstreke foarms falle ôf fanwegen de froulike konnotaasje.

Mear mooglikheden

Fryske skriuwers dy't yn harren literêr wurk genderneutrale foarms brûkten:

→ Joël Huitema/redaksje André Looijenga (Ensafh, nû. 2, 2016): 'hij', 'hjer' en 'hjyn'/'hjyntes', 'hjesels'. **Strategy**: nije foarms, mei ferwizing nei âldere taalfaze.

→ Friduwih Riemersma: ser foar sy/hy/er, ir foar him/har, ires/irent foar sines/harres.

Strategy: nije foarms, troch gearlûken besteande foarnamwurden. Ferlykber mei Frânske strategy.

Leksikografen neamden: ny (Klaai-útspraak: nij) foar 'hy'/'sy' en besittlik: nyntes/nines foar 'sines'/'harres' (Janneke Spoelstra).

Strategy: nije foarms, begjinnend mei n fan neutraal.

Ferlykber mei Dútske strategy. En dy en sa'nes foar 'hy'/'sy' en fan sa'nes foar 'syn'/'har' (Liuwe Westra).

Yn ûndersteande tabel stean de hjirneamde Fryske opsjes, mei de Nederlânske genderneutrale wjergaders:

	genderneutraal	
foar Frysk	Nederl.	Frysk
hy/hja/sy/er/se	hen/die/diegene	je/dy/dyjinge/harren/jim/hjy/ser/ny/sa'nes
him/har	hen/die/diegene	jim/dy/dyjinge/harren/jim/hjer/ir
syn/sines/har/harres	hun/diens	jins/harren/jim/hjyn/hjyntes/irent/ires/nyntes/nines/fan sa'nes
	zich(zelf)	jim(sels)/jim(sels)/harren(sels)/hjesels

Hoe fierder?

Us Advyskommisje Genderneutrale Foarnamwurden sil boppesteande ynventarisearre fierder besjen. Der wurdt neat oplein, it giet om it ûndersykjen fan mooglikheden. En yn it algemien: ferwiis allinnich mei genderneutrale foarnamwurden nei immen, as dyjinge sels oanjûn hat sa oantsjut wurde te wollen. □

OWL+ ûnderwiis-modulen foar bedrige talen

Op de Nord Universiteit yn it Noarske Levanger binne de OWL+ modules oer it Frysk, Saami, Mirandeesk en Letgaalsk presintearre. It doel fan de ynformaasje yn de OWL+ ûnderwiismodules is om persoanen dy't mei dizze talen wurkje te foarsjen fan eftergrûnynformaasje, edukatyf materiaal en foarbylden fan hoe't se harren taal brûke, ûntwikkelje en ûnderwize kinne. Ut namme fan Mercator/Fryske Akademy hawwe Katharina Thomas en Cor van der Meer de Fryske module presintearre. Alle ynformaasje is fergees beskikber op de projektwebsite.

Op dit stuit is Mercator/Fryske Akademy de koördinearjende partner fan it Erasmus+ projekt 'Ownership and Leadership: Pathways for (Endangered) Languages' Use in School (OWL+). De projektpartners binne it Interdisciplinary Centre for Social and Language Documentation yn

Portugal, de Nord University yn Noarwegen, de Rêzekne Academy of Technologies yn Letlân en de Tallinn University yn Estlân. □

→ owlplus.eu/module/



3^{de} en 4^{de} fan lofts: Katharina Thomas en Cor van der Meer.



Teatertariedings

→ Teatermakker Romke Gabe Draaijer fan Tryater brocht yn novimber in besite oan de Fryske Akademy foar syn tariedende wurk foar de performance Wurden, dêr't de Fryske taal en it ferskaat dêrfan in grutte rol yn spilet. Us taalkundige Hindrik Sijens (lofts op de foto) koe Romke Gabe mear fertelle oer 'nije' wurden en it ferskaat dat der is binnen it Frysk.

Lêzings Genealogysk Wurkferbân en Fryske Rie foar Heraldyk yn de provinsje

→ De Fryske Akademy bestiet 85 jier. It Genealogysk Wurkferbân fan 'e Fryske Akademy organisearre dêrom, yn 'e mande mei de Fryske Rie foar Heraldyk, in trijetal lêzings op lokaasje yn de provinsje. De earste twa lêzings wiene organisearre yn Jirnsum en Lúkswâld. Yn oktober fertelde Symen Schoustra yn kafee De 2 Gemeenten yn Jirnsum oer de Jirnsumer suvelfabryk en oer de geografyske histoarje fan de gritenij Raerderhim. Yn novimber wie Anne Hielke Lemstra útnûge as sprekker. Yn doarpshûs 't Trefpunt yn Lúkswâld joech hy in nijsgjirrige lêzing oer de stambeam fan de famylje Luxwoude.

→ De lêste lêzing yn de rige fynt plak op 3 febrewaris 2024. Dan is Martha Kist de gastsprekker yn 't Haske op 'e Jouwer. Sintraal stiet de skiednis fan de Jouster famylje Evertsz, en yn it bysûnder dy fan keapman Arend Evertsz dy't yn 1811 de famyljenamme oannaam. Famyljenammen Boonstra, Brouwer, Glasz, de Haan en Risselada binne besibbe oan Evertsz. Gosse van der Plaats, foarsitter fan it Genealogysk Wurkferbân, fersoarget de ynliding en heraut Jelle Terluin fan de Fryske Rie foar Heraldyk fertelt mear oer famyljewapens en flaggen yn de regio. De lêzing is fergees tagonklik. → www.fryske-akademy.nl/genealogy/



→ Nei in drok besochte Dei fan de Fryske Taalkunde waard yn Café Neushoorn yn Ljouwert it nije online tydskrift foar Fryske taal- en letterkunde presintearre: Frisistyk. Frisistyk.nl (en Frisistyk.frl) is in útwreiding fan it suksesfolle **Neerlandistiek.nl**. Haadredakteur fan Neerlandistiek Marc van Oostendorp (Meertens Instituut/Radboud Universiteit) en Anne Merkuur (Fryske Akademy/Rijksuniversiteit Groningen) ûntfongen likernôch fyftich gasten dy't ynteressearre wiene yn de mooglikheden fan dit nije medium. Neist algemiene stikken oer Fryske taalkunde, skiednis en letterkunde sil Frisistyk nammentlik ek romte biede oan ûnderwerpen lykas Frysk yn it ûnderwiis en Frysk taalbelied en oan de taal- en letterkunde fan de oare Fryske talen lykas it Noardfrysk en Sealterfrysk. → Frisistyk.nl → Frisistyk.frl



Fedde Schurerlêzing: Frede mei alle geweld

→ Yn 'e mande mei Tresoar, de Leeuwarder Courant en de Ried fan de Fryske Beweging organisearre de Fryske Akademy op sneon 25 novimber de Fedde Schurerlêzing, dy't dit jier as tema hie: Frede mei alle geweld. It petear nei ôfrin wie yn hannen fan diskusjelieder Eric Hoekstra fan de Fryske Akademy. De lêzing is nochris nei te lêzen op: → www.itnijs.frl/2023/11/frede-mei-alle-geweld/

Rjochten fan minderheden

→ De Masedoanyske Beweging ta befoardering fan de memmetaal 'Krstê Misirkov' en de groep United Macedonian Diaspora hiene Cor van der Meer (Mercator/ Fryske Akademy) útnûge foar harren forumdiskusje oer ynternasjonale ferdragen oangeande de rjochten fan minderheden. Yn Thessaloniki (Grikelân) fertelde Van der Meer oer de Fryske sitewaasje en oer ús Fryske ûndersyks- en ûnderwiisprojekten.



Studinten

→ In ploech fan sa'n 60 2de jiersstudinten fan de Pabû fan NHL Stenden brocht yn de earste wike fan it nije stúdzjefier in besite oan de Fryske Akademy. Sy woene graach kennis opdwaan fan ús saakkundigen foar harren leargebiet Taal&Identiteit. Femke van Seijen hat harren mear ferteld oer bern en meartaligens en Liuwe Westra hold in ferhaal oer de (skiednis fan) de Fryske identiteit.



Jubileumwykein

→ Op snein 10 septimber 2023 wie it 85 jier lyn dat de Fryske Akademy oprjochte is. Op freed 8 septimber koene we dat âlfêst betinke en fiere mei de Akademydei yn it Westcord WTC Hotel te Ljouwert, dêr't in 170 oanmeldingen foar ynkaam wiene. Han Nijdam joech in lêzing oer it Aldrysk rjocht en Simon Halink fertelde mear oer de Undersyksagenda.



→ De sneons fan 9 septimber wiene de gebouwen fan de Fryske Akademy iepen mei Uit in Huis, in mooglikheid foar elk dy't de gebouwen graach ris fan binnen besjen woe of mear oer it wittenskiplik wurk hearre woe. Ferskate (kulturele) organisaasjes en ynstellings yn Ljouwert hiene hjirby iepen hûs.



→ Fansels wie der ek muzyk op de Akademydei: dy waard fersoarge troch Marcel Smit.

Aginda

Hâld de aginda op ús thússide (fryske-akademy.nl) yn 'e rekken en sjoch op ús sosjale media foar aktueel nijs oangeande aktiviteiten.

→ Sneon 6 jannewaris

Gearkomste Genealogysk Wurkferbân, lêzing Meindert Schroor, Ljouwert.

→ Freed 19 jannewaris

Akademylêzingen mei Jurgen Tiekstra en Herman van Vliet, De Jouwer/Ljouwert.

→ Sneon 3 febrewaris

Jiersymposium Wurkgroep Maritime Skiednis: 'Friezen in de admiraliteiten van de Republiek in de Vroeg-Moderne Tijd', Snits.

→ Sneon 3 febrewaris

Gearkomste Genealogysk Wurkferbân, mei lêzing fan Martha Kist oer de famylje Evertsz fan De Jouwer, Ljouwert.

→ Sneon 10 febrewaris

Gearkomste Lânboukundich Wurkferbân mei Reina Vellinga oer sûne, duorsume en betelbere itenspatroanen, Ljouwert.

→ Sneon 9 maart

Gearkomste Genealogysk Wurkferbân, presintaasje *Genealogysk Jierboek 2023*, Ljouwert.

→ Tiisdei 12 maart

Akademylêzingen mei Michiel Galama en Janneke Spoelstra, De Jouwer/Ljouwert.

→ Freed 15 maart

Gearkomste Lânboukundich Wurkferbân mei Alex Datema oer de fisy fan de Rabobank op duorsume itensystemen, Ljouwert.

→ Sneon 6 april

Gearkomste Genealogysk Wurkferbân, De Fryske Genealogyske Kontaktdei Ljouwert.

→ Sneon 13 april

Ekskurzje Lânboukundich Wurkferbân nei ikerboubedriuw Jensma Agro BV, Westhoek.

→ Tongersdei 23 en freed 24 maaie

Posthumus Conference, Ljouwert.



Akademy ticht

→ Fan 25 desimber 2023 oant en mei nijjiersdei 2024 is de Fryske Akademy ticht. Fan 2 jannewaris 2024 ôf binne wy wer berikber.

Akademydei 2024

→ De Akademydei 2024 is op freedtemiddei **13 septimber** yn Ljouwert. We fiere dan de 86^{ste} Dies Natalis en wy hoopje dat jo dêr by wêze sille. Neiere ynformaasje folget.

Coulonhûs

Doelestrjitte 8
Postbus 54
8900 AB Ljouwert/Leeuwarden
Telefoan (058) 213 14 14

✉ fa@fryske-akademy.nl

🏠 www.fryske-akademy.nl

✂ [@FryskeAkademy](https://twitter.com/FryskeAkademy)

🌐 linkedin.com/company/fryske-akademy/

📘 facebook.com/FryskeAkademy/

Rekennûmers NL30RABO0130549681
NL32INGB0000923369

Kontaktpersoanen

Ried fan Tafersjoch

Foarsitter: Seerp Y. Leistra

Heechleararen

Amsterdam (UvA):

prof. dr. Arjen Versloot

Utert: prof. dr. Hans Van de Velde

Direkteur-bestjoerder

dr. Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm

Waarnimmend direkteur-bestjoerder

Marit Bijlsma

Kolofon

Ut de Smidte fan de Fryske Akademy

blêd foar leden en stipers

Stipersbydrage

De stipersbydrage foar 2024 is op syn minst € 25,00. Foar stipers yn it bûtenlân en foar studinten binne de bedraggen respektivelik € 35,00 en € 20,00.

It opsizzen fan it stiperskip moat fóár 1 desimber skriftlik trochdien wurde oan de stipersadministraasje fan de Fryske Akademy.

Redaksje

Mettje de Vries en Inge Heslinga

Kopij kin oer de mail stjoerd wurde oan:

redaksje@fryske-akademy.nl

Mei de gewoane post nei:

Ut de Smidte, Postbus 54, 8900 AB Ljouwert/Leeuwarden
tel.: (058) 213 14 14

Foarmjouwing, opmaak en print

GPNo, De Jouwer

Foto's

Fryske Akademy, Alex Kerkhof, Han Nijdam, Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm, Hindrik Sijens, Mettje de Vries; Marieke Balk; Hoge Noorden/ Jacob van Essen; Daniël Hartog; Fries Scheepvaart Museum